



Jieroersjoch 2024

Kommissaris fan de Kening Arno Brok



Ynhâldsopjefte

Foaropwurd	3	11. Moetsje en ferbine	18
1. Rykstaken en provinsjetaken	4	Utljochte:	
2. Boargemasters	5	• Earste Ljipaaï	20
3. Amtsbesites	6	• 4 maaie en Ynjebetinking	23
4. Ombudsfunksje	7	• Steatejacht	26
5. Provinsjale Rezjytafel migraasje en yntegraasje	8	• Besite BES-eilannen	27
6. Keninklike ûnderskiedings	10	• Keninklike besites	30
7. Provinsjale Steaten en Deputearre Steaten	12	• Rede fan Fryslân	34
8. Fryske taal en kultuer	15	• Kultuerfûns	35
9. Undermining	16	12. Yn de media	36
10. It Waadgebiet	17	13. Njonkenfunksjes	37
		Kolofon	39
		Kontakt	39





Foaropwurd

Wat is Fryslân in moaie, aktive provinsje mei belutsen ynwenners. Dat gefoel krij ik weromsjend op it ôfrûne jier. It wie in jier fan tal fan bysûndere en betsjuttingsfolle meetings, gearkomsten en eveneminten. Yn dit jieroersjoch doch ik dêr ferslach fan en jou ik ynsjoch yn myn aktiviteiten fan it ôfrûne jier.

Fryslân stiet yn yn ferbining mei de wrâld en it sprekt foar himsels dat wat der lanlik en mondiaal spilet ek Fryslân rekket. Sjoch bygelyks de flechtelingen út Oekraïne en oare lannen dy't yn Fryslân in feilich ûnderdak fine. Sjoch de plannen fan definsje mei munysjeopslach, oefenlokaasjes en de fleanbasis.

Ien fan de mominten dy't my it meast bybleaun is, is sûnder mis de Rede fan Fryslân dy't minister fan Definsje Ruben Brekelmans hâld yn de Steateseal op 5 desimber. Hy liet der gjin misferstân oer bestean; wy libje op it stuit yn it skimergebiet tusken frede en oarloch en it is saak om ús ta te rieden op oare tiden. Dat boadskip kaam oan.

Feit is dat jo en ik op globale ûntwikkelings kwalik ynfloed hawwe, mar wol op ús eigen leefomjouwing. Wy kinne de wrâld om ús hinne in bytsje moaier en better meitsje mei persoanlike oandacht en

belutsenheid by wat der yn buert, wyk, doarp of stêd spilet. It ôfrûne jier haw ik tal fan minsken en organisaasjes sprutsen dy't har mei hert en siel ynsette foar ús provinsje en it ferskil meitsje. Elke dei wer.

It ferfult my mei tankberens om kommissaris fan de Kening wêze te meien yn Fryslân en dat it my gund is om, yn de mande mei Provinsjale Steaten, Deputearre Steaten ús meiwurkers en oare oerheden, in bydrage leverje te kinnen oan in moai en sterk Fryslân, de provinsje dy't ús leaf is en ús bynt.

Drs. A.A.M. Brok, kommissaris fan de Kening yn de provinsje Fryslân

1. Rykstaken en provinsjetaken

Yn Fryslân wenje 660.000 minsken. Ferbining hâlde mei 18 gemeenten, 11 stêden en goed 400 doarpen sjoch ik as in wichtige taak. Op polityk, bestjoerlik en maatskiplik mêd ferful ik in ferbinende rol. Ik bring graach wurkbesites oan bedriuwen, organisaasjes en inisjativen om op'e hichte te bliuwen wat der libbet yn ús provinsje. De Fryske taal en kultuer, lânbou en it Waadgebiet hawwe myn spesjale omtinken.

In kommissaris fan de Kening wurdt foar in perioade fan seis jier beneamd troch de Kroan. Hy is foarsitter en lid fan Deputearre Steaten, it deistich bestjoer fan de provinsje en foarsitter fan Provinsjale Steaten, it provinsjale parlemint en it heechste bestjoersorgaan yn ús provinsje.

Ek fertsjintwurdigje ik it regear yn ús provinsje. Fanút de rol as ryksorgaan stimulearje ik de gearwurking tusken ynstellings en organisaasjes. Ik gean op amtsbesites by gemeenten en haw in rol by de beneaming en werbeneaming fan boargemasters. Ik meitsje de earste seleksje fan kandidaten en sjoch der op ta dat it proses goed ferrint.

As Ryksorgaan bin ik foarsitter fan de Provinciale Regietafel Migratie en Integratie, it Omgevingsberaad Waddengebiet en it CultuurFonds Fryslân.

It is ek myn taak om te advisearjen en te bemiddeljen by bestjoerlike problemen yn gemeenten, of as de bestjoerlike yntegriteit fan in gemeente ûnder druk stiet. Foar de reguliere taken bin ik ferantwurdig ferskuldige oan Provinsjale Steaten, foar rykstaken oan it regear.

Myn stribjen is om ûnôfhinklik te wêzen. Boppe partijen en tusken de minsken is it kredo. Ik lis geregeld wurkbesiten ôf, praat op gearkomsten en bin by eveneminten. Jubilarissen en minsken dy't in bysûndere prestaasje levere hawwe krije in persoanlike brief. Geregeld ûntfang ik gasten sa as bewâldspersoanen, ambassadeurs, fertsjinwurdigers fan organisaasjes en sjoernalisten.

De taken fan de kommissaris fan de Kening binne omskreaun yn de Provinsjewet en de Amtsynstruksje.



2. Boargemasters



Boargemasters wurde foar in perioade fan seis jier beneamd. It ôfrûne jier haw ik ien nije boargemaster en trije waarnimmers beëdige. Twa boargemasters hawwe ôfskied nommen.

Beneamings:

- 19 novimber, dhr. mr. F. (Fred) Veenstra – boargemaster Smellingerlân

Werbeneamings:

- 27 septimber, frou mr. drs. J.A. (Jannewietske) de Vries – boargemaster Súdwest-Fryslân
- 30 oktober, frou drs. M.C.M. (Marga) Waanders – boargemaster Waadhoeke

Waarnimmers:



- 2 jannewaris, de hear mr. R.S. (Roel) Cazemier – waarnimmend boargemaster Skylge
- 4 novimber, de hear N.L. (Klaas) Agricola – waarnimmend boargemaster De Fryske Marren
- 18 novimber, frou drs. A. (Anja) Haga – waarnimmend boargemaster Dantumadiel

Ofskied nommen fan:

- Boargemaster C.M. (Caroline) v.d. Pol, Skylge
- Boargemaster J. (Jan) Rijpstra, Smellingerlân

Provinsje mei boargemasters

Stân fan saken 31 desimber 2024



3. Amtsbesites

Amtsbesites binne offisjele besites oan gemeenten om in byld te krijen fan it funksjonearjen fan de gemeenteried en it gemeentebestjoer en om op hichte te bliuwen fan wat der yn de gemeente spilet. Amtsbesites bestean út petearen mei de gemeenteried, wethâlders en de boargemaster en besites oan lokale bedriuwen, organisaasjes en inisjativen. Opdiene befinings kin ik fia in amtsberjocht oerbringe oan de minister fan Ynlânske Saken.

Yn 2024 haw ik oan fjouwer gemeenten in amtsbesite brocht:

- 10 april, Achtkarspelen
- 25 april, Fryske Marren
- 27 septimber, Opsterlân
- 22 novimber, Weststellingwerf

“Opdiene befinings kin ik fia in amtsberjocht oerbringe oan de minister fan Ynlânske Saken.”



4. Ombudsfunksje

De kommissaris fan de Kening hat in formele rol by bemiddeling fan bestjoerlike problemen tusken oerheden of by problemen tusken ynwenners en oerheden. It komt geregeld foar dat partikulieren oankloppe foar help of advys.

Net altyd haw ik it foech om kwestjes sels fuortendaliks op te lossen, mar troch bemiddeling, advisearring of trochferwizing kin ik dochs in bijdrage leverje oan de oplossing. It ôfrûne jier ûntfong ik sa'n tritich fersiken ta bemiddeling.

Meastentiids giet it om in skeel tusken in boarger en in gemeente. Troch kontakt te lizzen en petearen te fieren mei stridende partijen haw ik bydrage kinnen oan it út de wrâld helpen fan problemen. In kommissaris is lykwols gjin Rijdende Rechter, ik wurkje neffens de stille diplomasy.





5. Provinsjale Rezjytafel migraasje en yntegraasje

“Alle 18 gemeenten binne ree om by te dragen, nei aard en skaal.”

In kommissaris fan de Kening is foarsitter fan de Provinsjale Regy Tafel (PRT) dêr't de Fryske boargemasters elk fearnsjier byinoar komme om asylopfang te bepraten.

Yn Fryslân wurde de asylopfang, de húsfêsting fan statushâlders en de opfang fan ûnthiemden út Oekraïne as in mienskiplike ferantwurdlikheid sjoen. Alle 18 gemeenten binne ree om by te dragen, nei aard en skaal.

De Rezjytafel wurdt stipe troch in wurkgroep fan amtners. Dêrneist is der it Frysk Gearwurkingsferbân Oekraïne. Dizze wurdt oanstjoerd út de ferdiellokaasje op It Hearrenfean wei, mar falt ek ûnder de ferantwurdlikens fan de Rezjytafel.

Yn 2024 is de Spriedingswet fan krêft wurden. Underdiel fan dizze wet is it opstellen fan in wetlik ferplichte Provinsjaal Ferslach, dat troch my as ryksorgaan opsteld wurdt. It ferslach is keppele

oan it Provinciaal Plan, dêr't de lokale sitewaasje yn duid wurdt. Fryslân foldocht oan de noarm fan de Spriedingswet. Wol is der noch in soad needopfang, wat op langere doer tige ûnwinsklik is. De Rezjytafel stribbet yn mienskiplikens nei duorseme opfangfoarmen.

Yn desimber waard op inisjatyf fan de Rezjytafel in bestjoerlike masterclass asylopfang organisearre yn it gemeentehûs fan Eaststellingwerf yn Easterwâlde. Sa'n 70 persoanen diene dêr oan mei. Njonken boargemasters, wethâlders, riedsleden en amtners, wiene ek ketenpartners as flechtelingenwurk en wenningkorperaasjes oanwêzich. Der wiene workshops fan ferskate ministearjes oer de Spriedingswet en de húsfesting fan statushâlders. Ek it sintraal orgaan asylsikers COA en de opfangorganisaasje foar allinichsteande minderjierrige frjemdelingen NIDOS leveren in bijdrage oan dizze dei.

Stân fan saken 5 desimber 2024.

Gemeente	Reguliere opfang	Needopfang	trochstreamlokaasje COA	Opfangplakken Oekraïne	Rinnend trajekt
Achtkarspelen				168	
It Amelân				5	Ree ta lytsskalige opfang
Dantumadiel				138	
De Fryske Marren	465 (azc)			308	Stadige ôfbou oant nivo Spriedingswet
Harns		170		102	
Hearrenfean				314	277 plakken
Ljouwert		710		1003	450 Asylplakken per fjirde kwartaal 2025
Noardeast-Fryslân				258	
Eaststellingwerf			190	189	
Opsterlân	20		75	180	
Skiermountseach					Ree ta lytsskalige opfang
Smellingerlân	600 (azc)	225		424	
Súdwest-Fryslân	600 (azc)	186		679	
Skylge				70	Ree ta lytsskalige opfang
Tytsjerksteradiel	652 (azc)			265	
Flylân					Ree ta lytsskalige opfang
Waadhoeke	430 (azc)			242	
Weststellingwerf		32		160	
Totaal	2.767	1.313	265	4.505	
Totalen	4,345			4.505	

Boarnen: COA en HUB Hearrenfean
azc: asylsikerssintrum

6. Keninklike ûnderskiedings

In kommissaris fan de Kening hat in advisearjende rol nei it Keninklik Hûs ta wat Keninklike ûnderskiedings oanbelanget. Ek it ôfrûne jier binne der tsientallen bysûndere persoanen, bedriuwen en organisaasjes yn it sintsje set dy't harren op bysûndere wize fertsjinstlik makke hawwe foar ús mienskip. It is in eare foar my en de boargemasters om de ûnderskiedings útrikke te meien.

Yn 2024 binne meielkoar yn Fryslân 120 Keninklike ûnderskiedings útrikt. 92 op de dei fan de jierlikse lintsjesrein op 26 april en 28 by bysûndere gelegenheid.

110 minsken binne beneamd ta Lid yn de Oarder fan Oranje-Nassau, acht ta Ridder en twa ta Offsier. It gie om 82 manlju en 38 froulju.

Yn de Steateseal fan it provinsjehûs haw ik twa bysûndere minsken in Keninklike ûnderskieding opspjelde.

Op 26 april Anke Bijlsma fan Nes (Noardeast-Fryslân). Sy waard beneamd ta Ridder yn de Oarder

van Oranje Nassau. Bijlsma is oprjochter en direkteur fan de Teatertsjerke fan Nes en makket har al jierren sterk foar kultuer, taal, leefberens, lânskip en natoer yn Noardeast-Fryslân.

Bijlsma ferfult in sintrale rol by tal fan projekten en inisjativen dy't Noardeast-Fryslân op de kaart sette. In ynspirator en ferbiner yn ieren en sinen dy't as gjin oar kultuer wit yn te setten om minsken, ideeën en parten fan ús lân meielkoar te ferbinen en plattelânstema's foar in breed publyk ûnder de oandacht te bringen. In oprjocht ambassadeur fan de Noardeasthoeke én fan Fryslân.

Op 14 augustus waard âld sjoernalist, skriuwer en nazi-jager Jack Kooistra út Ljouwert befoardere ta Offsier yn de Oarder fan Oranje-Nassau. Kooistra waard yn 1998 al Ridder yn de Oarder fan Oranje-Nassau, mar op grûn fan bysûndere ferstjinsten sûnt dy tiid hat de Kening besletten om Kooistra te befoarderjen.

Kooistra stride syn hiele libben tsjin ûnrjocht. Hy is bekind wurden troch it opsporen fan



Foto: Anke Bijlsma



Foto: Jack Kooistra



Foto: Hofleverancier Van der Pol



Foto: Hofleverancier Anker Stuy Verven B.V.

Foto: Hofleverancier bouwbedrijf Swart

oarlochsmisdiedigers en kollaborateurs, wat him de bynamme ‘de Fryske Simon Wiesenthal’ opsmiet. Kooistra hat in argyf oanlein mei tûzenen nammen fan slachtoffers fan de Twadde Wrâldoarloch en de striid yn Nederlâns-Ynje en Nij-Guinea. Hy skreau ferskate boeken en waard yn 2016 troch prinses Beatrix ûnderskieden mei de Sulveren Anjer fan it Cultuurfonds.

Kooistra syn wurk bliuwt relevant. Rassisme, faksisme en ûnderdrukking komme ek hjoeddedei foar. It wurk is fan belang foar de skiednisskriuwing en draacht in wichtige boadskip út foar takomstige generaasjes.

Kooistra is ferstoarn op 14 jannewaris 2025 yn de âldens fan 94 jier.

Hofleveransier

Yn Fryslân hawwe it ôfrûne jier fjouwer bedriuwen it predikaat Hofleveransier ûntfongen. Om yn de beneaming te kommen foar dit predikaat moat in bedriuw op syn minst hûndert jier bestean, in goede namme hawwe en moat de direksje fan ûnbesprutsen gedrach wêze.

De titel wurdt allinnich ta gelegenheid fan in bysûnder jubileum ferliend. (100 of 125-jierrich bestean of by in mearfâld fan 25 jier).

- Lúkse Bakkerij Siesling, Frjentsjer, 6 maart
- Van der Pol, taksi- en autoferhierbedriuw, Harns, 21 juny
- Boubedriuw Swart, Eastermar, 9 novimber
- Anker Stuy Verven, Terwispel, 15 novimber

Keninklike Earepenning

In Keninklike Earepinning is in ûnderskieding foar ferienings en ynstellings dy't op syn minst 50 jier (of in folgjend meartal fan 25 jier) bestean. Yn Fryslân krigen trije ferienings de pinning útrikt fanwege harren 100 jierrich bestean.

- Fuotbalferiening Leeuwarder Zwaluwen, Ljouwert.
- Musykferiening De Bazuin, Oentsjerk.
- Sylferiening Oppenhuizen, Twellegea.

7. Provinsjale Steaten en Deputearre Steaten

De leden van Provinsjale Steaten binne de folksfertsjinwurdigers fan ús provinsje en dermei it heechste orgaan. It Fryske parlemint bepaalt it belied fan de provinsje en kontrolearret Deputearre Steaten en de kommissaris fan de Kening yn syn hoedanichheid as provinsjaal orgaan.


De leden fan Provinsjale Steaten wurde elke fjouwer jier keazen. De ferkiezings binne tagelyk mei de ferkiezings foar it wetterskipsbestjoer. Provinsjale Steaten kieze op har beurt de leden foar de Earste Keamer.

Steateleden krije gjin salaris, mar in fergoeding. Se dogge it wurk meastentiids njonken in baan.

Gearstalling Provinsjale Steaten

Tal sitten: 43

Tal fraksjes: 15





Deputearre Steaten


It kolleezje fan Deputearre Steaten foarmet it deistich bestjoer fan de provinsje. Har taak is it tarieden en útfieren fan besluten fan Provinsjale Steaten. Fierder fiere Deputearre Steaten in grut tal regelingen fan it Ryk yn meibewâld út.

Elke deputearre hat syn eigen portefúlje. De deputearren moatte Provinsjale Steaten aktyf ynformearje oer aktiviteiten. In deputearre is gjin lid fan Provinsjale Steaten. Troch dizze skieding fan taken kinne de Steaten it kolleezje better kontrolearje. It kolleezje komt alle wiken byelkoar om besluten te nimmen. Dy beslúten wurde oanslútend op it wyklikse parsepetear bekindmakke.

Deputearren hawwe individueel en as kollektyf geregeld meetings bûten de doar.

Kollektive aktiviteiten kolleezje fan Deputearre Steaten yn 2024:

- Moeting mei bestjoer gemeente Ljouwert, 30 jannewaris
- Besite oan regio Noardwest Fryslân, 6 febrewaris
- Moeting mei bestjoer gemeente Flylân, 12 maart
- Moeting mei bestjoer Wetterskip Fryslân, 26 maart
- Wurkbesite oan Súdwest Fryslân, 2 april
- Wurkbesite oan Europeesk Parlemint en Benelux Uny yn Brussel, 3 en 4 april
- Moeting mei bestjoer Club Diplomatieque en wurkbesite oan Kijlstra, Drachten, 7 maaie
- Moeting mei bestjoer VNO-NCW Noord, 14 maaie
- Besite oan waadregio, op it Amelân, 21 maaie



- Frysk sûpke mei amtners, politisi en bestjoerders, De Haach, 6 juny
- Moeting mei bestjoer gemeente Ljouwert, 11 juny
- Moeting mei bestjoer provinsje Flevolân, 25 juny
- Moeting mei bestjoer gemeente Súdwest-Fryslân, 2 july
- Wurkbesite oan Súdeast-Fryslân 9 july
- Moeting mei bestjoer gemeente Schiermonnikoog, 12 july
- Moeting mei bestjoer Wetterskip Fryslân, 10 septimber
- Wurkbesite oan bibleteek dbieb yn Ljouwert en moeting mei bestjoer Fers, 24 septimber
- Moeting mei bestjoer gemeente Noardeast Fryslân, 22 oktober
- Moeting mei bestjoer gemeente Hearrenfean, 5 novimber
- Moeting mei bestjoer gemeente Ljouwert, 12 novimber



Kolleezje fan Deputearre Steaten, van lofts nei rjochts: Matthijs de Vries (CU), Friso Douwstra (CDA), Sijbe Knol (FNP), kommissaris fan de Kening Arno Brok, Eke Folkerts (BBB), Abel Kooistra (BBB) en direkteur-sekretaris fan provinsje Fryslân Jelmer Algra

Yn de Steategearkomst fan 26 juny is ôfskied nommen fan deputearre Femke Wiersma. Sy waard foar de BBB minister fan Lânbou, Fiskerij, Foedselwissigens en Natoer yn it kabinet Schoof.

Yn deselde gearkomst waard har opfolger ynstallearre: Abel Kooistra. Hy wie fraksjefoarsitter fan de BBB yn Provinsjale Steaten.



8. Fryske taal en kultuer

De kommende fiif jier ynvestearje it Ryk en de provinsje Fryslân folop yn de Fryske taal. De ôfspraken binne fêstlein yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) dy't op 8 april ûndertekene waard. It Ryk stelt mei-inoar 18 miljoen euro beskikber om de ôfspraken út te fieren. Deputearre Eke Folkerts is lûker fan it BFTK. Foar it earst sûnt tritich jier is de ferdieling tusken Ryk en Provinsje fifty-fifty.

Yn de BFTK is fêstlein hoe't yn de perioade 2024-2028 de Fryske taal en kultuer beskerme en befoardere wurde. It Frysk ûnderwiis krijt in ympuls en it Ryk stelt jild beskikber foar it oanstellen fan meartalichheidskoördinatoaren by Fryske gemeenten. Der binne fiif prioriteiten oanwiisd: sichtberens fan it Frysk yn de iepenbiere romte, digitalisearring fan it Frysk, Frysk yn it ûnderwiis en ûndersyk, taaloerdracht tusken generaasjes en desintraal taalbelied.

Ryk en provinsje meitsje al langer ôfspraken oer de Fryske taal en kultuer. Se hawwe tagearre in soarchplicht dy't fêstlein is yn de Wet gebrûk Fryske taal.

It Frysk is de taal fan it hert fan in soad Friezen. De nije ôfspraken fersterkje it gebrûk en de posysje fan it Frysk. It Frysk fertsjinnet oeral in lykwaardich plak. Net allinnich thús, op skoalle of yn kontakt mei oerheidsynstânsjes, mar ek yn de online wrâld en yn alle foarmen fan kultuer, sa as iepenloftspullen, muzyk, literatuer, films en podcasts.

In wichtich part fan de ôfspraken giet oer it ûnderwiis. Der wurde bygelyks ferskate stimulearringsmaatregels nommen om te soargjen foar mear leararen Fryske taal en kultuer yn it basis-, fuortset en ferfolchûnderwiis. Dêrneist binne der middels frijmakke om in bachelor Frysk en in minor

Frysktalige sjoernalistyk op te setten en foar it optimalisearjen fan it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis.

Fierder wurdt der in praktoraat Frysk oprjochte om de posysje fan it Frysk yn it mbû te ferankerjen. Dit praktoraat docht ûndersyk nei de taal en taalfeardigens yn in meartalige kontekst en ûntwerpt taalûnderwiis dat oanslút op de meartalige beropspraktyk yn Fryslân. De ûndertekening fan de ôfspraken fûn dêrom by ROC Firda yn Snits.

Der is ek ôfsprutsen meartalichheidskoördinatoaren oan te stellen yn Fryske gemeenten. Sy jouwe stipe by it brûken en fersterkjen fan it Frysk yn alle fasetten fan it gemeentebelied. Bygelyks troch ferbinings te lizzen mei organisaasjes op it mêd fan kultuer, ûnderwiis en it sosjale domein.

9. Undermining

Undermining stiet heech op de aginda en is ûnderdiel fan myn portefúlje. It ôfrûne jier binne der ferskate stappen foarút set yn de oanpak fan dizze foarm fan kriminaliteit wêrby 't ûnder- en boppewrâld meielkoar fermongen reitsje. Undermining taastet de demokratyske rjochtsteat oan en ûndergraaft de leauweardigens fan de oerheid. Provinsje, gemeenten, Wetterskip en oare organisaasjes lûke yn Fryslân mei-inoar op om it ferskynsel de kop yn te drukken.

Undermining is in urgint probleem mei ferskate ferskiningsfoarmen, sa as drugslaboratoaria yn leechsteande pleatsen, ylligale aktiviteiten yn seehavens en fakânsjeparken, wytwashjen fia ûnreplik guod en yntimidaasje en bedrigings fan amtners en bestjoerders.

Op 8 novimber fûn yn Ljouwert de fiifde Fryske ûnderminingskonferinsje plak, in inisjatyf fan provinsje en de gearwurkjende Fryske gemeenten. Bestjoerders, amtners, ûndernimmers en studinten wiene útnûge.

Nyenrode-heechlearaar Fraude en Regulering Hoogenboom hâld in lêzing oer it fergrutsjen fan de weerberens fan ûndernimmers en der wie in paneldiskusje mei ûnder oaren notaris Smerk, fertrouenspersoan fêstguodsektor Benjamin en tiimsjef fan de plysje Ljouwert Dunnink.

Ek wiene der workshops oer de 'helptroepen' dy't bewust of ûnbewust kriminele ûnderminende aktiviteiten fasilitearje kinne, sa as elektrisiens, transporteurs en leveransiers fan gemikaliën en tsjettels oant makelders en notarissen.

De provinsjes binne troch de Ryksoerheid frege permanint omtinken te hawwen foar ûndermining. Provinsje, gemeenten en It Wetterskip wurkje gear mei ferskate ynstânsjes, sa as plysje, justysje, dûane, belestingsjinst, definsje, ministearjes en it Riec, it regionale ynformaasje- en ekspertise sintrum.



10. It Waadgebiet



De Waadsee is it grutste oaniensletten natuergebiet fan West-Europa en it grutste getijdegebiet fan de wrâld. It is fan grut belang om dit unike en kwetsbere UNESCO-Wrâlderfguod goed te beskermjen. Tagelyk wurdt der yn it gebiet wenne, wurke en re kreëarre. It is sykjen nei in duorsume balâns.

Yn 2019 bin ik troch it regear frege foarsitter te wurden fan it Omjouwingsberied Waadgebiet, in advysorgaan as ûnderdiel fan de nije bestjoerlike struktuer, om ôfstimming oangeande belied en

behear fan it Waadgebiet doeltreffender en minder kompleks te meitsjen.

Yn it Omjouwingsberied binne ferskate sektoaren fertsjinwurdige: natoer en miljeuorganisaasjes, seehavens, fiskerij, lânbou, rekreaasje en toerisme, wittenskip en oerheden, sa as ministearjes, provinsjes, gemeenten en wetterskippen. It beried jout advys, agindearret tema's, draacht oplossings oan, beynfloedet beliedsfoarming en bringt partijen byelkoar. It ôfrûne jier is it Omjouwingsberied ferskate kearen byinoar kaam. It hichtepunt wie de jierlikse 'Toogdag voor de Wadden' op 1 july, de dei dy 't it Waadfûns en it Omjouwingsberied Waadgebiet alle jierren tegearre organisearje. De Toogdag fûn dizzekear plak yn Holwert en gie oer klimaatferoaring.

Klimaatferoaring hat grutte gefolgen foar it Waadgebiet; de seespegel giet omheech en it wetter waarmet op. Wat betsjut dit foar foar fûgels, fisken en de minsken dy't der libje, wurkje en rekreëarje? Hoe kinne wy adekwaat reagearje op de gefolgen foar natuer en feiligens, foar lânbou en fiskerij, foar rekreaasje, enerzjy en mobiliteit? En wat bart der as we neat dogge? Ek binne wy dwaande west mei tema's as berikberens en kabeltracees troch it Waad.



"It is fan grut belang om dit unike en kwetsbere UNESCO-Wrâlderfguod goed te beskermjen."



11. Moetsje en ferbine

Yn 2024 haw ik tsientallen wurkbesites brocht oan bedriuwen, organisaasjes en inisjativen, petysjes yn ûntfangst nommen en lêzings jûn. Faak op útnûging, mar geregeld nim ik ek sels it inisjatyf om earne hinne te gean of nûgje ik minsken út op it provinsjehûs.

Jannewaris

- 4 Nijjiersresepsje provinsje Fryslân, provinsjehûs
- 10 Wurkbesite oan agrarysk bedriuw Botmas, foar regenerative lânbou, Ingwierrum
- 10 Gearkomst kopgroep bestjoerlike gearwurking Fryslân, Seelân, ministearje fan Ynlânske Saken, Ljouwert
- 11 Besite oan ambassade fan de Feriene Steaten fan Amerika, ambassadeur, Den Haag
- 12 Nijjiersresepsje kolleezje fan Deputearre Steaten, provinsjehûs
- 12 Boargemastersdiner, Ljouwert



- 13 Hynstekeuring KFPS mei gasten, Ljouwert
- 15 Nijjiersûntfangst Kening en Keninginne, Amsterdam
- 17 Waddendiner, De Haach

- 20 Besite ambassadeur fan Eastenryk, provinsjehûs
- 24 Wurkbesite oan basisskoalle De Zonnebloem foar Oekraynske bern, Ljouwert



- 24 Sprekbeurt NUT Franeker, Frjentsjer



Febrewaris


- 6 Wurkbesite kolleezje fan Deputearre Steaten aan Noardwest-Fryslân
- 12 Iepening nije studio Christelijke Bibliotheek voor Blinden en Slechtzienden (CBB), Snits



- 13 Debat jongerein Europeesk Parlemint, provinsjehûs

- 23 Untfangst ambassadeur fan Litouwen, provinsjehûs

- 23 Untfangst ambassadeur fan Vietnam, provinsjehûs



- 23 Iepening tentoanstelling Beyond Heaven and Earth fan Litouwse keunstner Čiurlionis, Museum Belvédère, Oranjewâld



- 25 Priisútrikking kampioenskip Frysk Damjen, Frjentsjer

- 26 Untfangst Italiaanske delegaasje út Milaan foar gearwurkingsprojekt mei gemeente it Hearrenfean, provinsjehûs

- 27 Ynstallaasje âld-deputearre Poepjes as boargemaster fan de gemeente Olst-Wijhe

Maart

5

UTLJOCHTE: Yn ûntfangst nimmen earste ljipaai, provinsjehûs



Earste Ljipaai

Anne Wind fan Penjum fûn by Ychtenbrêge op 5 maart foar de twadde kear op rige it earste ljipaai fan Fryslân. Yn it provinsjehûs krige hy de Sulveren Ljip en it finerslean fan 15 euro. Fan de boargemaster fan De Fryske Marren Veenstra krige hy in oarkonde, omdat it aai ek it earste wie yn dizze gemeente.

De Sulveren Ljip wurdt al mear as in iuw útrikt' om omtinken te freegjen foar de ljip yn Fryslân. De útrikking fynt plak yn gearwurking mei it Bûn fan Fryske Fûgelwachten. By it BFVW binne 100 lokale fûgelwachten oansletten. Meielkoar hawwe sy mear as 17.500 leden en binne der 3500 frijwilligers aktyf.

It aaisykjen is ien fan de tradysjes yn ús provinsje. It is oan strange regels bûn. It sykjen is keppele oan neisoarch, wêrby 't yn it briedseizoen de nêsten fan de fûgels beskerme wurde troch de frijwilligers fan de fûgelwachten. Kwa tal frijwilligers, tal beskerme fûgels en grutte fan it areaal is it BFVW de grutste greidefûgelbeskermingsorganisaasje fan ús lân.



6

Iepenje nasjonale eksposysje Stilstaan bij Corona, provinsjehûs

6

Wurkbesite oan Omrop Fryslân, Ljouwert



6

Uitriking predikaat Hofleveransier oan bakkerij Siesling, Frjentsjer

9

Kruiswegwandeling, Snits



11

Iepenje eksposysje 'De lêste dagen fan de doarpsgek', Nes (Noardeast-Fryslân)

13

Wurkbesite oan de gemeente Dordrecht en Seelân mei fraksjefoarsitters Provinsjale Steaten

15

Musical De Tocht, mei direkteuren-generaal ferskate ministearjes, Ljouwert



- 15 Sprekbeurt Grouster Ontmoetingscafé, Grou
- 17 Pommerantenpreek, doopsgezinde gemeente, Harns

- 18 Mei minister fan ûnderwijs Paul op wurkbesite nei de Radboudskoalle, Reduzum
- 18 Byienkomst Cultuurfonds voor Monumenten Fryslân, Morra-Lioessens
- 21 Wurkbesite oan glêstúnboubedriuw Gardeners Pride, Bitgum
- 21 Byienkomst âld-deputearren, Ljouwert
- 22 Iepening nije bêdefabryk AVEK, Surhústerfean
- 22 Sprekbeurt NUT Ferwert – Hegebeintum, Ferwert
- 23 Moeting mei bestjoer Diergeneeskundige Studenten Kring Universiteit Utrecht, Wolvegea



- 23 Wurkbesite oan drafbaan Victoria Park, Wolvegea
- 24 Taspraak Rede voor de Geest, teatertsjerke Nes (Noardeast-Fryslân)

- 25 Sprekbeurt studzjeferiening In Duplo, Rotterdam
- 26 Op wurkbesite mei kolleezje fan Deputearre Steaten by Wetterskip Fryslân, Ljouwert
- 27 Noardelike Steatedei, provinsjehûs Assen



April

2 Wurkbesite mei kolleezje fan Deputearre Steaten oan Súdwest Fryslân.

3+4 Wurkbesite mei kolleezje fan Deputearre Steaten oan Europees Parlemint en Benelux Uny in Brussel

6 Wurkbesite oan Genealogische kontaktddei Nederlân – Dútslân, Tresoar, Ljouwert



8 Ûndertekening nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK), Firda, Snits

10 Amtsbesite oan de gemeente Achtkarspelen, Bûtenpost

11 Wurkbesite oan Caparis, Drachten



15 Lizzing earste Stolpersteine yn Ljouwert

16 Priisútrikking Finale ferkiezing Fryske ûndernimming fan it jier, De Lemmer

17 Gearkomste Sint Christophorileen tot Oldehove, Ljouwert

19 Iepening Martena Zathe, Koarnjum

20 Doop nije KNRM rêdingboat, De Lemmer



24 Petysje yn ûntfangst nimme tsjin ôfsjitten swalkkatten, provinsjehûs

25 Amtsbesite oan gemeente De Fryske Marren

25 Diner Lânguod Lauswolt ambassadeurs, Beetstersweach

26 Ambassadeur Vietnam op wurkbesite mei delegaasje út regio Thái Binh, provinsjehûs

26 Utrikking Keninklijke ûnderskieding oan Anke Bijlsma, provinsjehûs

26 Bywenjen SC Cambuur - FC Dordrecht mei boargemaster Kolff fan Dordrecht, Ljouwert



27 Keningsdeisûpke mei Steateleden en Deputearre Steaten, Frjentsjer

Maaie



3

Ûntbleating bankje ta neitins oan FNP'er Bertus Jans Postma, Keimpetille

3

Wurkbesite oan skieppeboer Reitsma, Lippenhúzen



4

UTLJOCHTE: Deadebetinking, taspraak en krânslizzing by Joadsk hôf en monumint, Teakesyl en De Lemmer

4 maaie en Ynjebetinking

4 maaie is in dei om stil te stean by de betsjutting fan frede en frijheid. Dit jier wie ik te gast by de 4 maaie betinking op it âld joadsk begraafplak yn Teakesyl by De Lemmer. It histoaryske hôf leit ferskûle yn it beamtegrien ûnderoan de eardere Seedyk.

Sûnt fjouwer jier wenje ik op útnûging fan in lokaal komitee yn in oare gemeente in lokale 4 maaie betinking by. Yn 2020 wie de earste kear, op Skiermûntseach. De jierren dêropfolgjend wie ik yn Sumar en Akkrum.

Fryslân telt meielkoar 326 oarlochsmonuminten. Guon midden yn doarp of stêd, de oar midden op de flakte of oan de kant fan de dyk. Hast elk doarp yn Fryslân hat der ien, leafdefol ûnderhâlden troch skoalbern of doarpsbewenners.

Ien kear yn de fiif jier sprek ik dan op de provinsjale deadebetinking yn de Prinsetún yn Ljouwert. Yn tuskenlizzende jierren wurdt myn plak dêr waarnommen troch de loko-kommissaris, dit jier deputearre Femke Wiersma dy't mei har bern in krâns lei. De oare leden fan it kolleezje fan Deputearre Steaten wenje elk op 4 maaie earne yn de provinsje in betinking by.



Ynjebetinking

In oare jierlikse betinking dy't ik bywenje is op 30 augustus de Ynjebetinking yn it Rengerspark yn Ljouwert. Hjir lei ik in krâns by it provinsjale monumint 'De Deadewacht'. Op it monumint stean de nammen fan 168 yn it eardere Nederlânsk-Ynje en Nij-Guinea sneuvele Fryske soldaten.



5

Provinsjale Ferteranedei, taspraak,
Ljouwert

7

Wurkbesite mei kolleezje fan Deputearre
Steaten yn Súdeast- Fryslân

14

Gearkomst Club Diplomatique Fryslân, it
Hearrenfean

15

Wurkbesite oan soarchbakkerij BakRyk,
Burgum



21

Wurkbesite mei kolleezje fan Deputearre
Steaten oan it Amelân



22

Wurkbesite oan Staatsboskbehear,
Wynjeterperskar

23

Wurkbesite oan de ambassade fan Itaalje,
De Haach

24

Oerlanging pinning Titus Brandsma oan it
rooms-katholyk argyf Fryslân, Boalsert

28

Noord in Nieuwspoort, gearkomst
noardelike provinsjes, De Haach

28

Ofskiedsresepsje ambassadeur fan
Noarwegen, De Haach



Juny



1 Iepenen fotoeksposysje *They just couldn't imagine*, Stichting Hope4Ukraine, Koartswegen

1 Algemiene Ledegearkomste Koninklijke Zeilvereeniging Oostergoo, Grou

2 Bywenjen Bonifatiusdei, Dokkum



5 Wike fan de Útwikseling, telefoan opnimme by Klantkontaktsintrum provinsje, provinsjehûs

6 Iepenen lanlik jierkongres NVRD, brânsjeferiening foar ôffal- en reinigingsmanagement, Ljouwert

6 Frysk Sûpke mei lanlike en regionale amtners, politisi en bestjoerders, De Haach

10 Jierlikse ynspeksje Stêdhâlderlike Grêfromte mei boargemaster Buma fan Ljouwert, Grutte Tsjerke, Ljouwert

12 Wurkbesite oan Tresoar mei delegaasje Provinciale Steaten, Ljouwert

13 ûntfangst delegaasje regionale parlamentariërs út Dútslân, provinsjehûs

14 Gasthear by byienkomst fan âld boargemasters fan Fryslân, Earnewâld

15 Ynheljen lêste kuiers finish Slachtemaraton, Raerd

18 Iepening fernijd Museum Hylpen troch Keninginne Maxima, Hylpen

18 Sakediner Club Diplomatique Fryslân, Lauswolt



21 Útrikking predikaat Hofleveransier oan Taksi en Autoferhierbedriuw Van der Pol, Harns

25 Moeting kolleezje fan Deputearre Steaten mei kolleezje fan de provinsje Flevolân, Woudagemaal, Teakesyl

26 Yn ûntfangst nimmen petysje oer skea boaiemdelgong Noardwest-Fryslân, provinsjehûs

26 Provinsjale Steaten. Ofskied fan deputearre Femke Wiersma en ynstallaasje nije deputearre Abel Kooistra, provinsjehûs

27 Op besite by it sylkamp Zomerzothed foar bern mei kanker, mei Epke Zonderland, De Feanhoop

Simmerperioade

UTLJOCHTE: Steatejacht

Steatejacht

Steatejacht Friso is it farrende fisitekaartsje fan de provinsje. Friso is ien fan de bekendste platboaiemjachten fan ús lân. It Steatejacht wurdt ynset foar represintative doelen fan it provinsjebestjoer.

De kommissaris en de deputearren ûntfange yn de simmer relaasjes op it skip om saken te dwaan en om netwurken te ûnderhâlden. Gasten wiene bygelyks ministers en steatssekretarissen, ambassadeurs en fertsjintwurdigers fan Fryske organisaasjes en ferienings.

It Steatejacht wurdt op lokaasje ynset foar ûntfangsten of om pronk te lizzen. Ik ha dit jier 42 tochten meitsje mocht mei Friso mei yn totaal 238 gasten oan board. De deputearren en de direksje hawwe meielkoar yn totaal 18 kear mei it Steatejacht deropút west.



27 + 28

UTLJOCHTE: ûntfangst delegaasje
fan Bonaire, Sint Eustatius en Saba
oan Fryslân, it Amelân



28

Iepening restaurant Ode, Dokkum

29

Iepening keunsteksposysje Hollander,
Ljouwert

Besite BES-eilannen

Ek ôfrûne jier ha ik ynvestearre yn de kontakten mei it karibysk diel fan it Keninkryk. Bonêre, St. Eustatius en Saba (de BES-eilannen) hawwe in soad mienskiplik mei ús eilannen en se kinne fan elkoar leare op it mêd fan ekonomy, berikberens, ûnderwiis, soarch en wenjen.

Op 27 juny en 28 juny brochten gesachhawwers, deputearren en riedsleden fan de eilannen Bonêre, St. Eustatius en Saba in wurkbesite oan It Amelân. De besite stie yn it ramt fan ûnderlinge kennisútwikseling tusken de eilângemeenten, it befoarderjen fan de kontakten en gearwurking tusken de Waadeilannen en Karibysk Nederlân.

Op it Amelân giene de gasten op besite by ferskate organisaasjes. By de besite wiene de fiif Waadeilân-gemeenten, it Samenwerkingsverband Waddeneilanden, it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, de provinsjes Fryslân en Noard-Hollân, de Vereniging Nederlandse Gemeenten, it Omgevingsberaad Wadden en de Stichting Meer Muziek in de Klas belutsen. In groep fan meielkoar sa'n 60 persoanen.

De moeting is it ferfolch fan in besite dy't de BES-eilannen yn 2023 brochten oan Skiermûntseach en de tsjinbesite oan it de Kariben letter dat jier.





July

- 1 Toogdag Wadden, Holwert
- 2 Wurkbesite kolleezje van Deputearre Steaten oan B&W fan gemeente Súdwest Fryslân
- 4 Iepening nije ynnovative stâl boerebedriuw Van Zijl, Vegelinsoord
- 7 Simmerkonsert Landgoed Lauswolt, Beetsterzwaag
- 9 Wurkbesite mei kolleezje fan Deputearre Steaten oan Súdeast Fryslân
- 12 Wurkbesite mei kolleezje fan Deputearre Steaten oan Skiermuontseach
- 18 Iepening fergriend skoalplein basisskoalle De Hoekstien, Surhústerfean

- 20 Hynstedagen Tytsjerksteradiel, Sumarreheide
- 23 Wurkbesite oan rôfbisteopfang Felida, Nijeberkeap

23 Profronde Surhústerfean



- 27 Hynstedagen Driezum-Wâlterswâld

- 27 Âld Meiers Partij, Hitzum

- 30 Sprekbeurt Probusclub Zeven Grietenijen, Wâldsein



- 31 PC, Frjentsjer

Augustus

- 2 Iepening Snitwsike mei floatskou mei Steatejacht, Snits
- 3 Iepening SKS-kampioensskip skûtsjesilen, Grou
- 3 Conncours Hippique, Riis



- 4 Sylwedstryd Regenboogklasse Hollân – Fryslân, Snits

- 6 Wurkbesite oan Harstastate, Hegebeintum



- 7 Freule Keatspartij, Wommels

- 14 Befoordering Jack Kooistra ta Offisier in de Oarder fan Oranje-Nassau, provinsjehûs

- 15 Ôfskied bisskop mgr. dr. Van den Hout, Grins

- 16 Finale SKS-kampioensskip, priisútrikking en huldigingsfeest, Snits

- 17 Fryske Kampioenskippen Fierljeppen, Winsum



- 18 Iepenlofttsjerketsjinst Turfroute, Nij Beets

- 24 Finale IFKS-kampioenskip, De Lemmer

- 24 Blauhúster Hynstedei, Blauwhûs

- 28 Iepening nij kantoar Feriening fan Waadseegemeenten, Harns

- 28 Betinking provinsjaal Ynje-monumint, Leeuwarden

- 29 Betinking delstoarte alliearde bommenwerper, Holwert



- 31 Floatskou iepening Fiskerijdagen Harns

Septimber

1 Fiering hûndertjierrich bestean SintCaeciliakoar, Snits

4 UTLJOCHTE: Kening op besite by jubileumfiering De Zonnebloem, Mirns



Keninklike besites

It Keninklik pear brocht yn 2024, apart faninoar, sân ferskillende besites oan Fryslân. Sa wie de Kening op 5 juny by Netwurkcentrum De Opstap yn Sint-Jabik en by Warm Heeg yn Heech. Op 4 septimber fierde hy yn Murns it 75-jierrich jubileum fan de Nationale Vereniging de Zonnebloem. Op 16 oktober brocht de Kening in wurkbesite dy't yn it teken stie fan de Fryske taal en kultuer. Hy hie ynhâldelike petearen mei de Fryske Akademy, Tresoar en de AFÛK yn Ljouwert.

Keninginne Máxima die op 18 juny de weriepening fan Museum Hindeloopen, liet har op 26 juny op It Hearrenfean en Ljouwert byprate oer de sirkulêre ekonomy en brocht op 19 septimber in besite oan in ynnovaasjedei fan Bouwgroep Dijkstra Draisma yn Dokkum.



11 Wurkbesite oan Stichting Alde Fryske Tsjerken, Blessum



13 Jubileumgearkomste Feriening âld-boargemasters, Ljouwert

13 Fiering 85-jierrich bestean Fryske Akademy, Ljouwert

17

Prinsjesdag, mei as gast âld skûtsjeskipper
Eildert Meeter, De Haach



17

VNO NCW MKB Nederland, Den Haag

19

Ynspiraasjegearkomst Boubedriuw Dijkstra
Draisma mei Keninginne Máxima, Dokkum

19

Werbeneaming boargemaster De Vries,
gemeente Súdwest-Fryslân, Snits

20

Ontfangst consultants KPMG, Leeuwarden



20

Byienkomst Kring fan boargemasters
Fryslân

21

Priisútrikking EK silen Hansa Klasse, Snits

22

Preek fan de Leek by fiering Agrarische
Dagen, Frjentsjer

23

Iepening European Water Tech Week,
Ljouwert



26

Gezellig Groen en Gezond Ontbijtgesprek,
túnboukassen, Wier

27

Amtsbesite oan de gemeente Opsterlân,
Beetstersweach

27

Untfangst ambassadeur Slowakije,
Ljouwert

27

Yn ûntfangst nimme sammelalbum
Historisch Balk, PLUS supermerk, Balk

28

Iepening doarpshûs, Hartwert



Oktober

1+2 IPO Jierkongres, Amersfoort

2 Resepsje Tag der Deutschen Einheit, De Haach



3 Lanlik Jierkongres fan Nederlânske boargemasters, Eindhoven



7 Minister fan Ynlânske Saken Uitermark op wurkbesite, Ljouwert

8 Wurkbesite mei 120 bestjoerders en amtners út Fryslân oan Europeesk Parlemint Brussel

9 Op wurkbesite by ambassadeur fan Bulgarije by EU yn Brussel.

11 Ofskied boargemaster Veenstra, Fryske Marren



15 Besite ambassadeur Feriene Steaten, Ljouwert

15 Werbenoaming boargemaster Waanders, gemeente Waadhoeke, Frjentsjer

16 Wurkbesite Kening Willem-Alexander oer Fryske taal en kultuer oan Fryske Academy, Tresoar en AFÛK, Ljouwert

16-19 Studzjereis Club Diplomatique Fryslân nei Oslo, Noarwegen

21 Fryske bestjoerdersdei, Ljouwert

22 Wurkbesite oan gemeente Noard-East Fryslân, Dokkum

Novimber



5 Moeting mei sjoernalistike trainees fan Ljouwerter Krante, Frysk Deiblêd en Omrop Fryslân, Ljouwert

5 Wurkbesite kolleezje fan Deputearre Steaten oan de gemeente Hearrenfean



6 Besite oan Durk van der Schaaf foar syn 90ste jierdei en autobiografy in ûntfangst nommen, Bitgummole

6 Wurkbesite oan Plysje Noard-Nederlân, distrikt Fryslân

8 Underminingskonferinsje Fryslân, Ljouwert

9 Utrikking predikaat Hofleveransier oan boubedriuw Swart, Eastermar

9 Betinking Kristallnacht, Ljouwert

11 Gastles Week van Respect, Simon Vestdijk Kolleezje, Frjentsjer

14 Wadden2Daagse, Skiermuonsteach

15 Utrikking predikaat Hofleveransier oan Anker Stuy Coatings, Terwispel

15 Ofskied boargemaster Rijpstra, gemeente Smellingerlân, Drachten

15 Jierdiner Stichting Ritske Boelema Gasthuis, Ljouwert

16 Sympoasium Martinitsjerke Snits oer tsjerklik kultuerhistoarysk erfgoed, Snits

18 Lêzing over Fryske taal, kultuer en polityk foar Fryske Tafel Literaire Sociëteit De Witte, De Haach



19 Ynstallaasje boargemeester Veenstra gemeente Smellingerlân, Drachten

20 Byienkomst kopgroep bestjoerlike gearwurking Seelân, ministearje Ynlânske Saken en Fryslân, Seelân

22 Amtsbesite oan gemeente Weststellingwerf, Easterwâlde



24 Jubileumkonsert Keninklijk Toankeunstkoar Concordia, Ljouwert

25 Fiering sechstichjierrich bestean BNG Cultuurfonds, De Haach

30 Frysk Gala Nobleza, Ljouwert

Desimber

2

Wurkbesite oan snobbersguodprodusint
Concorp, Jirnsum



5

Rede fan Fryslân mei minister fan Definsje
Brekelmans, Ljouwert

6

Masterclass Asylopfang PRT Fryslân,
Easterwâlde

6

Utrikking Fryske Anjer en Talintpriis
Kultuerfûns Fryslân, Ljouwert

4

UTLJOCHTE: Rede fan Fryslân

Rede fan Fryslân

Op 4 desimber wie yn de Steateseal de Rede fan Fryslân. Op útnûging fan my jout in prominint persoan fan bûten de provinsje syn fyzje oer de takomst fan Fryslân.

Dit jier wie de sprekker minister fan Definsje Ruben Brekelmans. Syn ferhaal gie oer frede en feiligens en de posysje fan Fryslân. Neffens Brekelmans spilet de fleanbasis in krusiale rol yn de feiligens fan ús part fan Europa. Fanwege de ynternasjonale spannings, sa as de oarloch yn Oekraïne, wurdt der ynfestearre yn it definsjeapparaat. Der binne der plannen foar ferskate munysjeopslachplakken yn Fryslân en de útwreiding fan de fleanbasis Ljouwert. De minister die in oprop om tared te wêzen op hybride oarlochsfiering, werby't stroom of it betellingsferkear útfalt bygelyks.

It gehoar yn de Steateseal bestie út bestjoerders en politisy, fertsjinwurdigers fan maatskiplike organisaasjes, kennisynstellings en sektoaren. Spesjale gasten wiene omwenners fan de fleanbasis Ljouwert, MBO-studenten fan Firda dy't leare foar definsjemeiwurkers en studinten integrale veiligheidskunde fan de Thorbecke Academie fan NHL Stenden. Sy giene yn petear mei de minister.



6 UTLJOCHTE: útrikking Kultuerfûns

7 Iepening nije opslach, presentaasje earste e-truck, oerdracht lieding, Bakker Transport en Warehousing, Hearrenfean

9 Jierlikse lunsj mei partners fan Fryske boargemasters



11 Wurkbesite oan Wafilin Systems, Ljouwert

11 Algemiene Ledegearkomst Club Diplomatieque Fryslân

13 Themalunsj mei Fryske boargemasters

18 Ofskied bestjoerder Schaper NHL Stenden, Ljouwert

Kultuerfûns

It foarsitterskip fan it CultuurFonds Fryslân fyn ik ien fan de leukste taken. Dit fûns bringt minsken, wrâlden en ideeën byinoar om kultuer en natuer libje te litten.

Yn 2024 is €466.235 takend oan 108 projekten en 203.113 foar de oanskaf fan musykynstrumenten.

It fûns earet jierliks in persoan, feriening of ynstelling dy 't him op bysûndere wize ynset foar de Fryske kultuer of natoer mei De Friese Anjer en de Talintpriis. Beide ûnderskieding rikte ik op 6 desimber út yn de Steateseal.

De Friese Anjer gie nei it Herbarium Frisicum yn Wolvegea. It Herbarium waard 40 jier lyn oprjochte troch Karst Meijer, no foarsitter fan it Herbarium Frisicum, dy't de neilittenskip fan de ferneamde Fryske botanikus Douwe Taeke van der Ploeg útboude ta it grutste partikuliere herbarium fan Nederlân.

Stichting Herbarium Frisicum herberget weardefolle drûge plantekolleksjes út de hiele wrâld en heart mei mear as 150.000 eksimplaren ta ien fan de grutste partikuliere samlings fan Europa.

De priis bestiet út in spjelde, in oarkonde en in bedrach fan € 5.000. De spjelde is makke troch edelsmid Theo van Halsema.



Mark Hilboezen, wurksum by It Fryske Gea, ûntfong de Talintpriis foar syn ynset foar it herstel fan it bioferskaat troch it refitalisearjen en weryntrodusearjen fan plantesoarten. Dizze priis bestiet út in oarkonde en in bedrach fan €1.500.

12. Yn de media

Ek it ôfrûne jier wie der wer mediaomtinken. Ik haw oer útienrinnende ûnderwerpen de parse te wurd stien. Ien fan dy mominten is alle wiken de parsekonferinsje op tiisdeitemidje, nei ôfrin fan de byienkomst fan Deputearre Steaten.

Spesjale fermelding foar NPO Klassyk, it eardere Radio 4. Sûnt de simmer bin ik in fêste gast yn it moarnsprogramma om te fertellen oer myn nijs fan de dei.

Dit jier interviews jûn oan Omrop Fryslân Radio en TV, de Ljouwerter Krante en it Friesch Dagblad mar ek lokale omroppen as Omroep Zilt en Radio Spannenburg en lanlike media sa as bygelyks NPO Radio 1, ANP, NRC en it Nederlands Dagblad.



Foto: Jack Kooistra

Foto: te gast yn it Omrop Fryslân TV programma 'De stân fan Fryslân' om te praten oer takomstige maatskiplike en ekonomyske útdagings yn ús provinsje.



13. Njonkenfunksjes

Ik besykje my sa breed mooglik yn te setten yn it belang fan Fryslân. Nevenfunksjes hearre derby. Guon hearre by it amt, sa as it foarsitterskip fan it Cultuurfonds Fryslân bygelyks. Ik akseptearje út prinsipe gjin fergoedings foar nevenfunksjes.

In nije nevenfunksje dêr't ik grutsk op bin is it foarsitterskip fan de lanlike Stichting Meer Muziek in de Klas, mei Keninginne Máxima as earefoarsitter. Doel fan de stichting is om muzyk en kultuer foar alle skoalbern tagonklik te meitsjen. Musyk en oare kultuerúterings soargje derfoar dat bern har talinten ûntploaie kinne en har dreamen wiermeitsje kinne. It Kerstmuziekgala yn it AFAS Teater yn Leusden dat troch de NPO Televyzje útstjoerd is, wie ien fan de hichtepunten. De passy en enerzjy spatte fan it poadium ôf.



Amtsbûne njonkenfunksjes:

- Foarsitter Kultuerfûns Fryslân: 2017
- Foarsitter Stichting Simulatortraining Nautysk Onderwijs: 2017
- Foarsitter Stichting Bouwcultuurfonds: 2017
- Lid bestjoer Stichting tot Onderhoud van de Stadhoudelijke Grafruimte yn de Grote Kerk te Leeuwarden: 2017

Bestjoerlike njonkenfunksjes:

- Foarsitter Stichting Méér Muziek yn de Klas: sûnt 2024
- Foarsitter Omjouwingsberied Waadgebiet en vice-foarsitter BOW: sûnt 2018
- Foarsitter Genootschap Onze Taal: sûnt 2020
- Foarsitter Ried fan Ynspiraasje Frysk Lêsoffensyf sûnt 2023
- Lid Fryske Akademy: sûnt 2005
- Provisor (tafersjochhâlder) fan it Sint Christopileen – oant Aldehou

Privee njonkenfunksjes:

- Foarsitter kommisje Investituur van de Ridderorde van het Heilig Graf van Jeruzalem: sûnt 2020

Yn 2024 beëindige njonkenfunksjes:

- Foarsitter lanlik komitee ‘Stilstaan bij Corona’: 2022 - 2024
- Foarsitter Permaninte Scoutingkommisje VVD: 2021 - 2024

Beskermhearskappen en komitees fan oanbefelling:

- Beskermhear Stichting Alde Fryske Tsjerken.
- Beskermhear Voetbalvereniging ‘LAC Frisia 1883’, Ljouwert
- Beskermhear Bond van Nederlandse Militaire Oorlogs- en Dienstslachtoffers.
- Beskermhear Vereniging van Oud-leerlingen van de Zeevaartschool, Skylge

Yn gefal fan nije njonkenfunksjes freegje ik ynstimming fan it presidium fan Provinsjale Steaten en it kolleezje fan Deputearre Steaten. By guon saaklike njonkenfunksjes meitsje ik gebrûk fan de tsjinstauto, by foarkar yn kombinaasje mei oan’e haadfunksje relatearre ôfspraken.



Kolofon

Gearstalling en teksten

Gerrit Hofstra, wurdfierder kommissaris van de Kening

Fotocredits

Foarside, side 3, 4 (portret), 12, 13 (loftsûnder en rjochts), 14 (loftsboppe en ûnder), 35: *Jacob van Essen, fotobureau Hoge Noorden*

Side 4 (hynder), 7 (rjochts) en 39: *Harrie Dijkstra*

Side 5 (ûnder): *Henk Bootsma*

Side 13 (loftsboppe) en 27 (rjochts): *Jan Spoelstra*

Side 14 (rjochts): *Piet Douma*

Side 37 en 38: *Set vexy*

Oare foto's: *Provinsje Fryslân*

Foarmjouwing

Provinsje Fryslân, Kim Nguyen

De provinsje hat besocht rjochthawwenden fan foto's te efterheljen. At jo dochs foto's tsjinkomme werfan't jo rjochthawwende binne en jo hawwe gjin tastimming jûn foar de publikaasje fan in foto, nim dan kontakt op mei de provinsje Fryslân.

Kontakt

Social Media

Folgje de kommissaris op social media:

 @cdkfryslân

 @cdkfryslân

 Commissaris van de Koning Arno Brok

www.fryslan.frl/commissaris-van-de-koning

www.fryslan.frl/representatie

www.fryslan.frl

Jo kinne de kommissaris fan de Kening útnûgje foar in wurkbesite, aktiviteit of evenemint:

www.fryslan.frl/fy/represintaasje

Digitale tagonklikens disclaimer

Foar de Digitaal Tagonklike PDF ferwize wy jo nei de Nederlânsktalige ferzje.

Fiele jo jo dochs beheind yn it gebrûk, nim dan kontakt op mei Provinsje Fryslân. Wy wurdearje jo ynbring oer hoe't it better kin.

